

Ierske ambassadeur besiket Agriloge

Ein april wie der hege besite yn de Agriloge fan it Abe Lenstra stadion. De Ierske ambassadeur John Neary, dwaande mei in reis om yn de kunde te kommen mei de noardlike provinsjes, wie yn it Frysk fuotbalstadion om te lunchen mei in agraryske delegaasje. 'In logysk plak', sa seit Hein-Willem Leeraar.

Hein-Willem Leeraar hoegde net lang nei te tinken oer in geskikte lunchlokaasje. It each fan de agrarysk konsulint, belêste mei de organisaasje fan dizze reis foar de nije Ierske ambassadeur John Neary mei de Noard Nederlânske lânbousektor, foel daliks op 'e Agriloge yn it thúsdomein fan sc Heerenveen.

'De Agriloge is in moetingplak foar fertsjintwurdigers út de lânbousektor, dus by útstel geskikt', sa seit Hein-Willem Leeraar, mei syn bedriuw Hein-Willem Leeraar & partners Agrarysk konsulint, sels lid fan de agraryske lôzje fan sc Heerenveen. Ek spile de sintrale posysje fan it Hearrenfean in rol en ha Fryslân en Ierlân neffens Hein-Willem Leeraar safolle mienskiplik dat de kar foar de Agriloge mear as te rjochtfeardigjen foel.

'Fryslân en Ierlân ha in protte raakflakken. Beide ha in eigen taal, kultuer en sporten, 'Ijochtet Hein-Willem Leeraar ta. John Neary waard by syn besyk wolkom hjitten troch foarsitter Jelko van der Wiel en kommersjeel manager Joost Jetten fan sc Heerenveen. De Ierske gast waard bliid makke mei in echt pompeblêdshirt mei eigen namme. It besykjen oan de Agriloge foel goed yn' e smaak. 'Ieren hâlde fan tradysje en it Hearrenfean azemt tradysje út. Ut de Agriloge wei hast boppedat in prachtich útsicht op it fjild. De ambassadeur wie bot ûnder de yndruk.'

Hein-Willem Leeraar is tefreden oer de byienkomst yn it Abe Lenstra stadion. 'De klup wie mei Van der Wiel en Jetten goed fertsjintwurdige, harren oanwêzichheid waard bysûnder op priis steld. De romte is bûtengewoan geskikt en de lunch, mei typysk Ierske gerjochten wie by Beijk Catering yn goeie hannen. As lid fan de Agriloge kinne jo fergees gebrûk meitsje fan de romte. Neffens my wurdt hjir noch net foldwaande gebrûk fan makke. Hoe't dat kin? Ik tink dat it in ferhaal is fan 'ûnbekend makket ûnbemind'. Spitich, want de Agriloge yn it Abe Lenstra stadion is in poerbêste lokaasje foar bedriuwen om harren te profilearjen.'

Dy miening is ek akkountmanager Peter de Vries fan sc Heerenveen tadien. 'De Agriloge is by útstek geskikt om byienkomsten te organisearjen. Dat kin in lunch wêze, mar jo kinne der bygelyks ek presintaasjes hâlde, alle apparatuer wat jo nedich ha is beskikber, en bedriuwfeestjes.' De Agriloge jout plak oan groepen oant hast 70 persoanen. It brûken fan de romte is fergees, iennige betingst is dat de catering by Beijk Catering ôfnommen wurdt.

Nij inisjatyf

De Agriloge is in nij inisjatyf fan sc Heerenveen. De Agriloge is in komfortabele businessromte dy't plak biedt oan 68 persoanen en spesjaal ynrjochte is foar bedriuwen út de agribusiness. De earste oanset is hiel goed. Alve bedriuwen binne op dit momint goed foar 28 stuollen en sc Heerenveen is folop yn gesprek mei ynteressearre partijen.

'De Agriloge is in ideaal platfoarm om mei brânzjegenoaten ynformeel, mar tsjintwurdich miskien noch wol belangriker, funksjoneel netwurkje te kinnen', fertelt akkountmanager Peter de Vries fan sc Heerenveen. Peter is fan it begjin fan it besteande seizoen ôf belutsen by de Agriloge en is entûsjast oer it inisjatyf. Fanwege it keazen konsept, mar ek de brânzje. 'Ik wit dat de sektor yn beweging is. It is in kânsrike perioade foar ynvestearringen.'

Ferskaat is ien fan de sterke punten fan de Agriloge. It Abe Lenstra stadion is in moetingplak foar útienrinnende bedriuwen. Fan û.o. assurantien, finansiering, akkountancy, fêst goed, leanwurk, tsjinstferliening, fokkerij, sieddelsie en gewaaksbeskerming, bou, suvel, greidbuorkerij oant lânbou. "De brede doelgroep is in krêft", sa seit Peter.

It lidmaatskip hat it nedige te bieden. Sa wurdt minimaal fjouwer kear yn it seizoen in foaroprinnend sprekker útnoege, soarget ceteraar Beijk foar hearlike waarme en/of kâlde buffetten, is der elk thúsduel in wedstriid besprek troch in trener fan de technyske stêf fan sc Heerenveen en is der in fuotbaltoto wêrby in wedstriidbal te winnen falt.

Mei 28 ferkochte stuollen is de Agriloge net útferkocht, mar Peter is net ûntefreden. "De doelstelling foar it earste seizoen is realisearre. Wy draaie kyt en dat wie de bedoeling. 28 leden is net ferkeard en wy hoopje de kommende moannen mear nije leden te begroetsjen.

Der is plak foar 68 stuollen, mar mei 50 oant 55 stuollen komt it konsept miskien noch wol better ta utering. Dan bist fleksibeler om wedstriden hinne wêrby mear fraach nei kaarten is."

Wolle jo mear witte oer de Agriloge en de mooglikheden foar jo bedriuw?

Dan kinne jo kontakt opnimme mei Peter de Vries.

Telefoan: 0621555566

Email: peter.de.vries@sc-heerenveen.nl